

Koart jierferslach oer 2013

Sûnt de jiergearkomste fan 16 april 2013 bestiet it bestjoer fan de Freonen út sân leden, te witten Jannie van der Kloet, foarsitter, Arjen Dijkstra, skathâlder, Gryt Elsinga, skriuwer en de leden Gerard Mast, Auck Peanstra, Oebele Vries en Hanneke Hoekstra; twa minder as foarhinne, mar twa mear as de fiif dy't it karbrief foarskriuwt. As bestjoer hienen wy earder al besletten net alle frijkommende plakken (û.o. dat fan ús ôfskie nimmende 'founding father' Johan Raven) op 'e nij yn te foljen om't wy njoggen bestjoersleden net nedich fûnen sjoen it tal wurksomheden. It bestjoer hat fjouwer kear fergadere as tarieding op de te organisearjen aktiviteiten. De bestjoersgearkomsten binne bywenne troch direkteur Bert Looper fan Tresoar en waarden lykas altyd taret en notulearre troch ús ûnfolpriizge sekretaresse Hilda Top.

Op dyselde jiergearkomste waard it digitale geskink fan de Freonen oan Tresoar - in bydrage oan it projekt foar it digitalisearjen fan histoaryske kaarten - troch Arjen Dijkstra taljochte en fertelde direkteur Bert Looper wat de wearde fan dat geskink foar Tresoar is. Dêrnei lieten meiwurkers fan Fryslân Wonderland sjen wat jo der allegear mei kinne.

Op 31 maaie wie der foar alle freonen in ûntfangst troch de direkteur fan Tresoar. Nei in moai ferhaal fan him oer de wearde fan erfgoed yn it Europa fan de 21e ieu, wie der in rûnlieding troch de depots fan Tresoar ûnder lieding fan dyselde direkteur en Siem van der Woude. Altyd wer wat nijs te sjen en te hearren, altyd tige nijsgjirrich!

Op 10 oktober 2013 wie de jierlikse ekskurzje. In justjes oare opset as foarhinne: net mear in hiele dei en net al te fier fuort. Dizze kear bleaunen wy yn Ljouwert foar in besite oan de útstallingen yn 't ramt fan de Gouden Ieu by ús buorren fan it HCL, it noch mar krektlyn iepene Frysk Museum en Tresoar sels dêr't in prachtige útstalling oer it Florilegium, it blommeboek fan de Ljouwerter keunstner Franciscus de Geest wie. De lêste útstalling kaam in bytsje oan 'e krapperein, om't der eins krekt te min tiid wie. De útstalling duorre lykwols noch oant ein desimber, dat gelegenheid genôch foar elk om der nochris wer te sjen. It foel op dat by de dielnimmers in tal minsken wienen dy't wy oars net faak sjogge by de Freonen!

Dan de hjerstlêzing op 3 desimber. Wat letter as gebrûklik, mar dat hie alles te krijen mei de bysûndere sprekker en it bysûndere ûnderwerp. De lêzing fan Jeroen Koch hannele yn dit jier fan de fiering fan 200 jier Keninkryk der Nederlannen oer it libben fan Kening Willem I en dêrmei hienen wy in primeur: de trije boeken fan de trije biografen oer de keningen Willem I, II en III wienen krekt ein novimber útkaam. In tige nijsgjirrige lêzing fan in tige entûsjaste biograaf.

By einbeslút noch wat oer de enkête ûnder de Freonen. Yn Letterhoeke nûmer 3 fan it ferline jier hat oer de útkomsten dêrfan al in ferslach stien, hjir allinne noch in pear saken dy't it bestjoer al op grûn fan dy útkomsten oanpast hat. De hjirfoar neamde ekskurzje is mei nei oanlieding fan de enkête tichtby en op in middei organisearre en de 'teebesite' by de direkteur fan Tresoar sil it kommende jier foar in part in oar karakter krije: njonken in rûnlieding troch de depots sil in tal meiwurkers en in bestjoerslid wat fertelle oer in ûnderwerp of wat sjen litte fan in foarwerp út de kolleksje dat hja tige nijsgjirrich fine. De opmerkingen yn de enkête oer Letterhoeke binne trochjûn oan de redaksje en dy besjocht wat dêr oan dien wurde kin.

Mar...fansels werhelje wy graach dat fierwei it grutste part fan de Freonen hiel tefreden is oer de aktiviteiten fan it bestjoer, dat ek Letterhoeke it rapportisifer 8 krijt en dat twa reaksjes dizze positive útkomst ûnderstreekje mei de útrop 'Bliuw bestean!' en 'Ik bin wiis mei jim!'

It bestjoer fan de Freonen fan Tresoar

Kort jaarverslag over 2013

Sinds de jaarvergadering van 16 april 2013 bestaat het bestuur van de Vrienden uit zeven leden, te weten Jannie van der Kloet, voorzitter, Arjen Dijkstra, penningmeester, Griet Elsinga, secretaris en de leden Gerard Mast, Auck Peanstra, Oebele Vries en Hanneke Hoekstra; twee minder dan vroeger, maar twee meer dan de vijf die de statuten voorschrijven. Als bestuur hadden we eerder al besloten niet alle vrijkomende plaatsen (o.a. dat van onze afscheid nemende 'founding father' Johan Raven) opnieuw in te vullen omdat we negen bestuursleden niet nodig vonden gezien het aantal werkzaamheden. Het bestuur heeft vier keer vergaderd als voorbereiding op de te organiseren activiteiten. De bestuursvergaderingen zijn bijgewoond door directeur Bert Looper van Tresoar en werden zoals altijd voorbereid en genotuleerd door onze onvolprezen secretaresse Hilda Top.

Op diezelfde jaarvergadering werd het digitale geschenk van de Vrienden aan Tresoar - een bijdrage aan het project voor het digitaliseren van historische kaarten - door Arjen Dijkstra toegelicht en vertelde directeur Bert Looper wat de waarde van dat geschenk voor Tresoar is. Vervolgens lieten medewerkers van Fryslân Wonderland zien wat u er allemaal met kunt.

Op 31 mei was er voor alle vrienden een ontvangst door de directeur van Tresoar. Na een mooi verhaal van hem over de waarde van erfgoed in het Europa van de 21e eeuw, was er een rondleiding door de depots van Tresoar onder leiding van diezelfde directeur en Siem van der Woude. Altijd weer wat nieuws te zien en te horen, altijd erg interessant!

Op 10 oktober 2013 was de jaarlijkse excursie. Een net andere opzet als vroeger: niet meer een hele dag en niet al te ver weg. Deze keer bleven we in Leeuwarden voor een bezoek aan de tentoonstellingen in het kader van de Gouden Eeuw bij onze bureaus van het HCL, het nog maar onlangs geopende Fries Museum en Tresoar zelf waar een prachtige tentoonstelling over het Florilegium, het bloemenboek van de Leeuwarder kunstenaar Franciscus de eest was. De laatste tentoonstelling kwam er wat bekaaid af, omdat er eigenlijk net te weinig tijd was. De tentoonstelling duurde echter nog tot eind december, dat gelegenheid genoeg voor elk om er nog eens te kijken. Het viel op dat bij de deelnemers een aantal mensen waren die we anders niet vaak zien bij de Vrienden!

Dan de herfstlezing op 3 december. Wat later als gebruikelijk, maar dat had alles te maken met de bijzondere spreker en het bijzondere onderwerp. De lezing van Jeroen Koch handelde in dit jaar van de viering van 200 jaar Koninkrijk der Nederlanden over het leven van Koning Willem I en daarmee hadden we een primeur: de drie boeken van de drie biografen over de koningen Willem I, II en III waren precies eind november verschenen. Een erg interessante lezing van een erg enthousiaste biograaf.

Tot besluit nog iets over de enquête onder de Vrienden. In Letterhoeke nummer 3 van het verleden jaar heeft over de uitkomsten daarvan al een verslag gestaan, hier alleen nog een paar zaken die het bestuur al op grond van die uitkomsten aangepast heeft. De hiervoor noemde excursie is mede naar aanleiding van de enquête dichtbij en op een middag georganiseerd en de 'theevisite' bij de directeur van Tresoar zal het komende jaar voor een deel een ander karakter krijgen: naast een rondleiding door de depots zal een aantal medewerkers en een bestuurslid wat vertellen over een onderwerp of wat laten zien van een voorwerp uit de collectie dat ze erg interessant vinden. De opmerkingen in de enquête over Letterhoeke zijn doorgegeven aan de redactie en die bekijkt wat er aan gedaan kan worden.

Mar...natuurlijk herhalen we graag dat verreweg het grootste deel van de Vrienden heel tevreden is over de activiteiten van het bestuur, dat ook Letterhoeke het rapportcijfer 8 krijgt en dat twee reacties deze positieve uitkomst onderstrepen met de uitroep 'Bliuw bestaan!' en 'Ik bin wiis met jim!'

Het bestuur van de Vrienden van Tresoar